

Yn te foljen troch de griffier

Amendement nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

Yntsjinner: CDA

Mei-yntsjinner(s):

FNP, SP, VVD

AMENDEMENT, ex artikel 28 Reglement van Orde

Steategear- komste	PS 23 maaie 2018
Wurklistpunt	08 Inisjatyfútstel Yntegrale oanpak behâld Fryske natuer en lânskip
Koarte titel amendement	Yntegrale oanpak mei de stakeholders
Taljochting op it amendement:	
De yntsjinner(s) stelt/stelle it folgjende amendement út	
Oerwagings	Taheakje oan de oerwagings by it beslút: 'It fan grut belang foar it slagjen fan bedoelde yntegrale oanpak is dat alle stakeholders yn it feangreidegebiet meiïnoar belutsen wurde yn de útfiering'

Beslút

Skrasse út tekst beslút:

Voorgenomen besluit

Provinciale Staten geven het college van Gedeputeerde Staten de opdracht om:

1. van het Friese veenweidegebied één uitvoeringsgebied te maken waarbij in de periode tot 2030 het veenpakket stapsgewijs wordt vernat en er een maximale ontwikkeling van biodiversiteit en natuurherstel is, wat alleen mogelijk is door een landbouwtransitie naar grondgebonden en natuurinclusieve landbouw;
2. een integrale werkwijze op te stellen conform de uitgangspunten en doelen zoals beschreven in dit initiatiefvoorstel, inclusief een tijdspad richting 2030;
3. dit uitvoeringsplan voor 1 januari 2019 aan Provinciale Staten ter vaststelling aan te bieden en de consequenties ervan voorwaardelijk te verwerken in de begroting voor 2019 en de daaropvolgende jaren.

Skraste tekst ferfange troch:

'Provinsjale Steaten jouwe it Kolleezje fan Deputearre Steaten de opdracht om:

1. fan it Fryske feangreidegebiet ien útfieringsgebiet te meitsjen mei as doel yn de perioade oant 2030 safolle mooglik behâld fan de feanboaiem en weromkringen fan de CO-2 útstjit, in maksimale ûntjouwring fan bioferskaat en natuerwerstel mei safolle mooglik behâld fan de lânboukundige funksje, útgeande fan in lânboutransysje nei grûnbûne en natuerynklusive lânbou, oerienkomstich lânlike wetjouwring;
2. in útfieringsplan mei in yntegrale wurkwize op te stellen, yn gearpraak mei alle stakeholders konform de útgongpunten en doelen sa as beskreaun ûnder punt 1 fan dit amendemint, ynklusyf in tiidpaad rjochting 2030 en in finansjele ûnderbouwing;
3. mei dêryn opnaam:
 - a. De wize wêrop de stakeholders tinke mei it leverjen fan maatwurk de meast optimale sitewaasje, lykas yn punt 1 fan dit amendemint beskreaun, te berikken;
 - b. De resultaten fan rinnende pilots en gebietsprosessen;
 - c. De eleminten Oplieding en Foarljochting út dit inisjatyfútstel;
 - d. It oprjochtsjen fan in provinsjale grûnbank foar gebietsynrjochting;
 - e. Neier út te wurkjen stjoeringsynstruminten foar de wetterhûshâlding; dêryn dúdlike karren meitsje ta oansjen fan it stapsgewize wieter meitsjen;
 - f. ûntskotting fan finansjele middels;
 - g. it gebrûk meitsjen fan de mooglikheden út it Ryk en Europa wei ta oansjen fan finansjele middels en oanmelde as pilotgebiet;
4. dit útfieringsplan yn 2019 oan Provinsjale Steaten oan te bieden en de konsekwinssjes dêrfan ûnder betingsten te ferwurkjen yn de begrutting foar 2020 en de dêr op folgjende jierren,

Yntsjinners

CDA, Maaïke Prins

FNP, Wopke Veenstra

SP, Renny van der Heide

VVD, Nynke Koopmans